



Oan de leden fan de FFU

220403

Itens/Drachten, 3 april 2022

Achte leden, bêste minsken,

It FFU-jierferslach oer 2021 leit wer foar jimme. Hast sûnder fysyk byinoar komme te kinnen hat it bestjoer yn dat koroanajier dochs omtinken jûn oan en krewearre foar in tal wichtige saken it ûnderwiis yn it Frysk oanbelangjend. De fraach is no op syn plak oft it sa stadichoan ek ris klear komt mei in *lykweardich* en *lykberjochtige* plak fan de taal op ús skoallen. Dat liket der spitigernôch net op, al ferwachtet de oerheid dat it yn 2030!!! wól ynoarder wêze sil.

Al hast 100 jier besiket de Fryske Beweging mei goede argumenten om it Frysk in folweardich rjochtlik plak yn it ûnderwiis te jaan. Ik neam efkes de jiertallen foar it basisûnderwiis: 1937 (foar it lêzen), 1955 (fiertaal yn de ûnderbou), 1980 (ferplichte fak, fiertaal fakultatyf) en 2014 (mear foech nei de provinsje) en wat it fuortset ûnderwiis oanbelanget: 2014 (fak Frysk ferplichte yn de ûnderbou, mar in *fakultatyf* eksamenfak).

Yn 2014 hat it Ryk de provinsje Fryslân gjin echt foech takend, mar in wetlike rezjyfunksje by it jaan fan ûntheffing(s) en it fêststellen fan de keardoelen Frysk. Op grûn fan de saneamde *draachflak*konstruksje hawwe skoallen de mooglikheid om sels in beslút te nimmen oer it plak fan it Frysk yn harren lesprogramma. It resultaat is dêr dan ek neffens lykas it *Rapport Taalplan Frysk út 2018* ús (wer) leart: de tafallige ambysje fan skoaldireksje/learkrêften makket oft der wat fan op 'e hispel komt. Hoewol't de ûnderwiisynspeksje allinne mei de útfiering fan it belied belêstige is, hat dy tsjinst de gong fan saken mei de saneamde skoalprofilen dochs as *yneffektyf* typearre en de provinsje oanret om it ûntheffingsbelied dêrom te 'heroverwegen' (2019).

De fraach kin dan steld wurde hoe't soks mooglik is, wylst it Haachsk regear bygelyks wol krityk hat op in lân as Sina mei de ûnderdrukking fan de minskerjochten fan de Oeigoeren en Tibetanen. Harren taal is yn it ûnderwiis ferbean. Yn ús gefal **seit** de ryksoerheid dat it better mei it Frysk moat en kin, mar **hannelet** dêr net neffens. Yn tsjinstelling ta it Hollânsk (a) is it Frysk *gjin funksje-eask* foar learkrêften, (b) hat it Frysk as fiertaal in *fakultative* status, (c) docht de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk der net ta en is der dus ek gjin tafersjoch op de resultaten (neffens de haadynspekteur kin in skoalle 'excellent' wêze ek al wurdt der neat oan it Frysk dien), (d) wurdt der *eksterne* differinsjaasje op **skoalnivo** tapast (normaal is *ynterne* differinsjaasje binnen de **klasesituasje**) troch alfêst ferplichte keardoelen dochs **net** yn it programma op te nimmen en (e) is der gjin foldwaande yntegraal lesmateriaal beskikber om ferantwurde trijetalich ûnderwiis (mei Frysk) jaan te kinnen.

Protestearje de (Frysktalige) âlden dan net? Amper, omdat hja sels ek gjin of in bytsje Frysk op skoalle hân hawwe en meastentiids ek net krekt witte wat der yn it Frysk dien wurdt op de skoalle fan harren bern. Âlden dy't dat ferbetterje wolle, tsjinje eins nea in 'klacht' yn by it skoalbestjoer, omdat hja net wolle dat harren bern der op oansjoen en mooglik negatyf behannele wurde. Mei oare

wurden: de ferantwurdlike polityk folget dy passive hâlding fan de befolking en dat liedt ta it grutte ferskil tusken **sizzen** (it moat better, it komt wol klear yn 2030) en **dwaan** (gjin serieuze ymplementaasjemaatregels; sjoch a o/m e) mei negative gefolgen foar de takomst fan it Frysk.

Yn ús lêste bestjoersgearkomste hat bestjoerslid Jehannes Elzinga fanwegen syn sûnens ôfskied nommen. Omdat in ledegearkomste de lêste jierren mar troch in inkeld lid besocht waard, hawwe wy as bestjoer ôfsjoen fan sa'n byienkomst om meiinoar belied en beminsking fan it bestjoer te bepraten. Sels nim ik yn 'e rin fan dit jier ek nei goed 25 jier foarsitterskip ôfskied. Dan bliuwe yn de praktyk ús skathâlder en skriuwer dus noch oer as bestjoerders. It is dus heech tiid foar oanfolling mei nije minsken en in nije oanpak, want ús doelen binne noch lang net berikt. Foar goede tips en nammen foar in bestjoersfunksje: in tillefoantsje nei 0515-331868 (Dykstra).

Sûnder de jierlikse finansjele bydrage fan € 10 (mear mei fansels ek!) kin it ek net. Ponghâlder Ed Knotter wol graach dat jimme it ledejild meikoarten oermeitsje op **NL 17 INGB 0002 3560 38**, mei fermelding **ledejild 2022** en op namme fan **Feriening Frysk Underwiis, E. Knotter, ponghâlder FFU, De Sweach/Beetsterzwaag**. Alfêst tige tank!

Mei freonlike groet,

Tom Dykstra, foarsitter